

Jeltsje

no is ús lytse Jeltsje net mear bang
net foar de grutte hûn fan omke Jurjen
net mear foar de eagen fan de grutte minsken
en ek net nachts, al is it noch sa tsjuster
en as it tongert, fynt se dat net slim

ús Jeltsje is net mear ûndogens
of lestich mei it waskjen of it iten
net gûlerich, net pleagerich of lêbbich
lyts broerke mei no bêst mei alles boartsje
ja, as er wol, ek wol mei it poppehûs

ús Jeltsje is ek noait mear wurch
en se leit noait mear te skriemen fan de pine
en grif net mear sa bot as doe dy middeis
doe't se har stjerrend op 'e strjitte fûnen
wat wer in file joech yn it ferkear